



DE POTFISK

(De potvis)

Toanielstik

Skreaun troch

FRANK HOUTAPPELS

Fryske oersetting

fan

Sj. Wiersma

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE POTFISK – DE POTVIS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **FRANK HOUTAPPELS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2004 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Ingrid Visser - ± 67 jier

Roas Visser - ± 44 jier

Mia Visser - ± 42 jier

Walter v d Werf - ± 43 jier

Roas en Mia binne dochters fan Ingrid.

PLAK FAN SPYLJEN:

Yn 'e wenkeamer fan Ingrid, oan 'e Nederlânske kust en op de feranda fan Roas har hûs yn Bangkok.

EARSTE BEDRIUW.

De wenkeamer fan Ingrid. Der stean in pear folle jiskepûden. Ingrid blêdet wat yn oardners en mappen, docht se dan yn 'e jiskepûde. Op 'e tafel stean in pear plastyk taskes. Mia bringt de folle jiskepûden nei bûten en nimt dan wer in pear plastyk taskes mei yn 'e hûs. Se helpt har mem by it opromjen fan heit syn papier brut en bringt yntiid har eigen plestyk taskes yn 'e hûs.

INGRID: Hasto net in wykeintas?

MIA: Fansels wol. Mar mei it wykein foar de doar koe net ien de tas misse. Floris moat ien brûke foar de hockey en Fleur woe harres net útliene omdat se miskien mei in pear freondintsjes yn 'e maneezje oernachtsje sille. De tredde tas fûn ik achter de waskmachine, mei Phillip syn wiete swimklean, dy stonk in oere yn de wyn en it waar siet deryn. De skimmel siet yn de swimbroek. Hy hat mar ien kear te swimmen west. No wol er golfe, hy hat al fan dy stokken kocht, hoe hite dy dingen ek alwer, eh... klubs. En foar my koe der net iens in simmerjurkje ôf. It wie wol in djoer jurkje, mar ik hoech hast noait wat, dus as ik dan ris wat wol...

INGRID: Gewoan in simmerjurkje...

MIA: Ja. Hiel ienfâldich. Mar dêrtroch hiel sijk. Sijk mar ienfâldich. De measte klean stean my net. Dus as ik wat fyn dat my stiet... No wie 't ek wol in hiel djoer jurkje, dat wol. En eins hat er ek wol gelyk, wêrom in kaptaal útjaan oan sa'n simmerjurkje yn dit kloateklimaat. Mar oankommende winter wol ik in nije jas. Hy kin heech of leech springe, mar oankommende winter...

INGRID: Sis. Lit dy urn ris sjen.

MIA: Hoe doare se safolle jild te freegjen foar sa'n tin lapke stof. Der sieten net iens mouwen yn. In tin flutterich jurkje sûnder mouwen. Je moatte gewoan it merk betelje, en dat sit oan 'e binnenkant. Dat sjocht gjin mins. (*Ingrid sjocht yn 'e taskes, ta argewaasje fan Mia*) Hè mem. Lit my no even myn guod delsette dan kom ik 'm fansels tsjin. Ik kin net alles tagelyk.

INGRID: Hast al sin oan kofje?

MIA: Straks. Gean do mar even sitten. (*Mia siket no sels yn de plastyk taskes en wurdt senuweftich*) Witst trouwens dat dy jurkjes troch bern makke wurde? Yn fan dy earne lannen. Foar tsien eurosint

yn 'e wike. In skande is 't. Gewoan skandalich. En wa fertsjinnet der oan?

INGRID: Woest no kofje?

MIA: Wa fertsjinnet dêr oan mem. En wat dogge we der oan. Eins soene wy alle klean yn in weareldwinkel keapje moatte mar dat kin net. Wy kinne hjir net de hiele dei yn batik-jute-sekken omrinne. Dat moatte se doch begripe.

INGRID: Wa.

MIA: Dy bern, yn dy naai-ateliers. As Floris en Fleur ek mar in **bytsje** begryp toane soene fan wat der yn 'e rest fan 'e wrâld bart, dan soene se miskien leare te wurdearjen wat se allegear ha. It is mar **krekt** wêr't je berne binne. Se hiene krektlike goed yn Afrika berne wêze kinnen, en swart. Of yn Ynje. Soms gun ik dy beiden echt dat se yn Afrika berne wienen. Yn in spitkeet. En út in hiel oare mem. Somtiden gun ik mysels dat. Mar ja. Men kin net alles ha. Ik ha in gehakbôle makke. En waffels.

INGRID: O. Lekker. Wêr dan? (*Ingrid sil twa jiskepûden fuort bringe*)

MIA: Wolst net even lizze. Wêrom dochst dat net, even de fuotten omheech. Dan bist fit as Roas komt. (*Mia pakt twa sekken en sil se nei bûten bringe*) Godskes wat in gewicht. Wat sit hjir yn.

INGRID: Alde rommel. Fan jim heit, út it skuorke. Earme Roas. Dy moat de heale wrâld oer reizgje as se har mem in kear sjen wol.

MIA: Do hoechst gjin begrutsjen mei har hear. Se woe it sels.

INGRID: Mar doch. Se is altyd sa fier fuort. Ik dream wol ris oer har, dan dream ik dat se yn it wetter treaun wurdt en dat se der sels net wer út komme kin. En dat ik der dan net bin om har der út te heljen.

MIA: Roas kin hiel goed swimme hear!

INGRID: Ja. Wat koe dat bern swimme. As jim nei it strân giene wie ik altyd bliid dat se sûn en wol wer thús wie. Foar 't selde jild swom se troch nei Ingelân.

MIA: As ik net sok gevoelich fel hân hie...

INGRID: Do hast it fel fan jim heit. Dy koe ek net oer de sinne. Ik fyn it net aardich fan Fleur datsto har wykeintas net brûke meist, allinne omdat se miskien ergens oernachtsje sil.

MIA: Fleur is ek net aardich. Dat is de leeftyd.

INGRID: Dat wie eartiids by ús wol oars. Jim wiene altyd aardich. Dêr ha 'k wol foar soarge. As it net goedskiks koe dan mar kweaskiks.

MIA: By ús wie alles oars mem. (*bringt lêste jiskepûden nei bûten*)

INGRID: Sil ik even kofje sette.

MIA: Gean mar even lizzen, dan set ik straks de kofje wol oan en dan rop ik as dy brún is. Dan krijst der in waffel by.

INGRID: Hast waffels bakt?

MIA: Ja. En gehakbôle.

INGRID: Nono, do bedjerst my mar. Sil ik even helpe.

MIA: Straks, mem, gean mar even nei boppen.

INGRID: Oant straks dan.

MIA: Ja. Ik rop dy wol.

INGRID: Wannear?

MIA: As de kofje brún is. (*as Ingrid nei boppen sil*) Mem?

INGRID: Ja?

MIA: Dreamsto ek wol ris oer my?

INGRID: Jawol.

MIA: Wat dreamst dan?

INGRID: Datsto Roas yn 't wetter triuwst. (*Ingrid nei boppen*)

MIA: (*Mia wachtet oant se fuort is, pakt telefoan, draait nûmer, kriget it antwurdapparaat*) Ja. Dit is mem. As ien fan jim aansjen thús komt belje my dan daliks. Ik bin in taske kwyt. In plastyk taske. It kin ûnder de kapstok stean of by de foardoar of oars op it oanrjocht. Lit it sa gau as 't kin even witte want as it dêr net is moat ik sykje. En Fleur, as mem tenei in wykeintas brûke moat dan moat se dy ek echt brûke. Dat jildt ek foar Floris. Ik sjoch net yn wêrom't ik... (*ferbining wurdt ferbrutsen. Mia leit del, bellet opnij*) Ik ha fergeffen om de stikjes hin út 'e friezer te heljen. Doch dat daliks atst thús komst. En sis tsjin heit dat er it sauske opwaarmje kin yn it bakje mei it blauwe dekseltsje, dan hoecht hy der allinne wat rys by te sieden en in bakje komkommerslaad... Jim moatte wol komme ite, oars... (*ferbining wurdt wer ferbrutsen. Mia leit del en sil wer it nûmer draaie mar betinkt har. Slacht de hannen foar 't gesicht, hat it even muoilik. Dan heart se ien roppen*)

ROAS: Joehoe! (*Mia jout gjin antwurd, komt wer ta harsels. Roas komt der yn mei in kompakt elegant koffersetsje op tsjiltsjes mei bypassende beauty case*) Hallo!

MIA: Hallo! Ik hie dy net heard... (*omearmje elkoar*)

ROAS: Hoe is 't?

MIA: Goed. Hiel goed.

ROAS: En mei Phillip, Floor en Fleuris...

MIA: Fleur. Floris. Goed. Lit my even los, Roas.

ROAS: Ik mei dy doch wol even oankrûpe, nei sa'n lang skoft...

MIA: Ja, mar do knypst my hast fyn. En ik ha lêst fan 'e rêch.

ROAS: (*lit Mia los, sjocht om har hinne*) Frjemd. Alles is noch krekt itselde. De hiele wrâld kin him binnenstbûten keare mar hjir feroaret neat.

MIA: Utsein dat heit der net mear is.

ROAS: Ja. Mar dêr sjochst fierder neat fan.

MIA: Do sjochst der goed út.

ROAS: Ja. Wêr is mem?

MIA: Dy is even lizzen gien.

ROAS: Wêrom?

MIA: Roas, ik sil it fuort mar sizze. Ik bin heit kwyd. Dy urn. Ik hoopje dat ik 'm thús stean litten ha, ûnder de kapstok. Ik ha belle mar der wie net ien thús.

ROAS: O.

MIA: Ik hie de hannen fol, en ik bin mei de trein en de bus kommen...
Do hast ek net tafallich, hasto miskien yn de bus, of de trein...

ROAS: Nee. Ik ha in auto hierd op it fleanfjild.

MIA: Ik moat fermiste persoanen belje. Of sil ik wachtsje oant se thús...
Nei alle gedachten stiet er noch thús. Under de kapstok.

ROAS: (*ropt nei boppen*) Mem!

MIA: Doch no net! Dy urn moat der wer wêze foar't se ûnder komt.

ROAS: Wat jout dat no. Dat kin elkenien oer komme. Mem! Hoe lang moatte we bliuwe? Ik bliuw net sa lang hear.

MIA: Wannear giest dan werom?

ROAS: Wit ik noch net, mar ik bliuw net lang. Joehoe mem!

MIA: Wolst dat asjebleaf net dwaan?

ROAS: Dat ding komt wol wer foar 't ljocht. Do moatst ek net safolle

meislepe. Wat hat in mins no hielendal noadich. Hjir. Moatst my sjen. Jild, paspoart, beauty case, kofferke. En dan kom ik alhiel út Bangkok.

INGRID: (*komt der yn*) Roas! Dei leave!

ROAS: Hoi mem! (*Roas tutet Ingrid*)

INGRID: Hast Howard net meinommen.

ROAS: Dy sit midden yn 'e rimboe en kin net fuort.

INGRID: Wat sjochst der goed út! En wat is dyn hier lang.

ROAS: Ja, leuk hin?

MIA: Der sitte deade punten yn.

ROAS: Net wier. Ha ik deade punten?

INGRID: Elk hat wolris deade punten.

MIA: Dat hoecht net. It is gewoan in kwestje fan goed ûnderhâlde.

ROAS: It spyt my dat ik net op 'e kremaasje komme koe. Alles wie fol boekt en it moast ek allegear sa hurd...

INGRID: It wie hiel moai. En koart. Koart mar goed. Noch betanke foar de blommen.

ROAS: Blommen?

MIA: Do hiest blommen stjoerd.

ROAS: O.

MIA: In blomstik.

ROAS: O ja.

INGRID: Rûk ik al kofje?

MIA: Nee.

INGRID: Dan sil ik even sette. (*nei keuken*)

ROAS: Wat krijst fan my?

MIA: Hm?

ROAS: Foar dat blomstik.

MIA: Fjouwer en santich fyftich. Lint en besoargjen ynbegrepen.

ROAS: (*hellet jild út taske*) Wat stie der op, op dat lint?

MIA: Rêst sêft. Roas.

ROAS: O. Moai.

INGRID: *(komt werom)* Ik eh... wat soe ik no?

MIA: Kofje sette.

INGRID: En fierder?

MIA: Fierder neat.

INGRID: O. Fijn datst der biste Roas. Do sjochst der hiel goed út. Fynst ek net Mia?

MIA: Ja.

INGRID: Wat in skattich setsje koffers. Sjochst no Mia, sa kin 't ek. Der sitte sels tsjiltsjes ûnder. Wat handich. Sjoch no Mia. Se hoecht har net iens te bûgen. *(probearret it kofferke út)*

MIA: Echt wat foar in bliksem-besite. Doch spitich datst net op 'e kremaasje komme koest. Mei sa'n fluch kofferke soe it gjin muoite wêze moatte.

ROAS: Mia wol dy wat sizze mem. Toe mar Mia.

MIA: Wat...

ROAS: It is hielendal net slim. Kin elk oerkomme.

MIA: Ik wit net wêr'tst it oer hast.

ROAS: Mia is de urn kwyt.

INGRID: Wat urn?

ROAS: Hoefolle hie se by har tinkst.

MIA: Hy is sa goed as teplak. Ik tink dat er ûnder de kapstok stiet. Ik hie likegoed de gehakbôle kwyt wêze kinnen, of de waffels.

INGRID: Hast waffels bakt?

MIA: Jim hiene ek sizze kinne, goh Mia, wat leaf datst dat allegear regele hast en wat in moaie urn.

ROAS: Mar dat kin ik doch net sizze want ik ha 'm noch net sjoen.

INGRID: Ik ek net. Ik wol dy bêst betankje foar alles datst dien hast, mar ik ha der noch neat fan sjoen. En no is er fuort.

MIA: Net fuort. Hy is allinnich net wêr't er wêze moat. Tydlik. Litte we no net yn panyk reitsje want dat is 't net wurdich.

ROAS: No, my tinkt...

MIA: Hy komt fansels wer foar 't ljocht. Dat hast niis sels sein Roas.

ROAS: No, net fansels. Ik sei, hy komt wol wer foar 't ljocht, mar net dat it fansels giet.

INGRID: Tink ris nei leave. Gean even goed nei, wêr hiest 'm noch.
Wêr wie dat.

MIA: Wit ik net.

ROAS: Siet er yn in taske.

MIA: Ja.

ROAS: Watfoar taske.

MIA: In plastyk taske!

INGRID: Dat is my ek wat. Datst nei in hiel leven einigje moatst yn in
plastyk taske.

MIA: Ik hie even net oars! Hy moast doch ergens yn! Der sitte gjin
hingsels oan sa'n urn!

ROAS: Hast gjin wykeintas?

INGRID: Dy hat se wol. Mar Fleur moast hockeye en Floris hie in wiete
swimbroek en Phillip... Phillip woe oernachtsje yn 'e maneezje.

MIA: Fleur! Fleur soe miskien nei de maneezje en Floris gie te
hockeyen en Phillip... Mins! Wêr sit dyn ferstân! Wêr bist de lêste
tiid mei dyn gedachten. *(stilte)*

ROAS: Okee. Mia, harkje. Watfoar taske wie it. Watfoar kleur. Watfoar
opdruk. Yn wat winkels komsto. Hema. Blokker. De eh... Hoe hyt
dy oare ek al wer. De Wibra.

MIA: Ik kom noait by de Wibra!

ROAS: No ja, ik sis mar wat...

MIA: Heech út foar wat skjirspûnskes.

WALTER: *(yn de gong wurdt roppen)* Hallo?

ROAS: Wa is dat?

MIA: Gjin idee.

INGRID: Kom mar fierder!

WALTER: *(komt der yn mei in taske fan AH)* Goemiddei.

INGRID: Walter. Hiene wy in ôfspraak?

WALTER: Ik kaam hjir lâns en der hong in taske oan it stek. Ik tink,
wat frjemd, dus ik sjoch... Der sit in urn yn!

MIA: God tank. *(nimt it taske fan him oer en sjocht der yn)*

WALTER: Der kin fan alles yn sitte, yn sa'n stom plestik taske. Mar in
urn? Dat ferwachttest gewoan net.

MIA: Kin ik dy wat oanbiede. Kopke kofje.

WALTER: No, lekker.

ROAS: Ik sil wol even.

MIA: Ja. Doch do ek ris wat. (*Roas nei de keuken*)

WALTER: As ik ergens in taske sjoch, of in doaze op in plak dêr't er net heart, dan moat ik altyd even sjen. Kenne jo dat?

INGRID: Nee.

MIA: Ik wol. Ik bin altyd bang dat der in nêst jonge katsjes yn sit.

INGRID: Do hiest doch waffels bakt?


MIA: Ja. Roas! Ik ha waffels bakt. Doch se oars even yn 'e bôleroaster. Roas. Hast my heard? Dêr wurde se lekker knapperich fan. (*gjin antwurd*) Roas? Soe se my no heard ha? Roas! Dochst dat? Even yn de...

ROAS: (*yn de keuken*) Yn de bôleroaster! Jezus, ik hear dy wol!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto